# De Treffer

## klupblêd fan fuotbalferiening SDS

**jiergong 34  nûmer 10** **juny 2004**

Voetbalvereniging S.D.S. Oosterend
anno 10 augustus 1947

| **Redaksje:** | **Adres:** | **tillefoan:** |
|---|---|---|
| Aant Hofstra | Swingoerd 25 , 8731 CV Wommels | 0515-332364 |
| Hinke Kuiper | Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |
| Durk Okkema | Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein | 0515-333005 |
| Meinte Wesselius | Trekwei 11, 8731 AA Wommels | 0515-332431 |
| Sjoerd van Beem | Molewâl 4, 8731 AD Wommels | 0515-332482 |
| Willem Wijnia | Walperterwei 21, 8731 CC Wommels | 0515-331444 |
| Metsje Huitema | Foarbuorren 9, 8734 HD Easterein | |

| **Bestjoer:** | | **tillefoan:** | **funksje:** |
|---|---|---|---|
| Rienk Wiersma | Itingewei 4, 8735 HT Itens | 0515-332400 | Foarsitter |
| Ymie Kamstra | Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard | 0515-332149 | Skriuwer |
| Willem Twynstra | De Ljits 1, 8734 HL Easterein | 0515-332570 | Ponghâlder |
| Teake Brouwer | De Omrin 40, 8831 ZD Winsum | 0517-341594 | Materialen |
| Tinus Hoekstra | Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein | 0515-331866 | Wedstriidsekretariaat |
| Dukke v/d Wey | Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein | 0515-332340 | 2e ponghâlder |
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter jongerein |
| Eddy de Boer | Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein | 0515-331533 | Lede-administraasje |
| Enne Jeh. Bruinsma | De Singel 12, 8734 HR Easterein | 0515-332013 | PR en Reklame |
| Roel Sijbesma | De Singel 17, 8734 HP Easterein | 0515-332186 | Sen. / Technyske saken |

| **Jongereinkommisje:** | | **tillefoan:** | **funksje:** |
|---|---|---|---|
| Jappie Wijnia | De Jister 3a, 8731 EB Wommels | 0515-332245 | Foarsitter |
| Koos Plantinga | De Singel 24, 8734 HR Easterein | 0515-332448 | Skriuwer |
| Tineke Vink | De Singel 30a, 8734 HR Easterein | 0515-333134 | Sekretariaat |
| Pieter Groenveld | ‘t Bosk 18, 8731 BL Wommels | 0515-333927 | Algemien lid |
| Anne Hallema | De Singel 19, 8734 HP Easterein | 0515-332928 | Algemien lid |
| Syb Overal | De Singel 7, 8734 HP Easterein | 0515-331532 | Algemien lid |

**Akkomodaasje:**
Sportpark “De Skoalleseize”, ‘t Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

| **Fersoarging terrein en materialen:** | | **tillefoan:** |
|---|---|---|
| Andries Stuiver | A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein | 0515-332872 |
| Hans Kooistra | De Singel 9, 8734 HP Easterein | 0515-331560 |
| Sjouke Sjoukema | Hearedyk 55, 8735 HP Itens | 06-25547253 |
| Harm Bergsma | Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein | 0515-332476 |

**Konsul:**
Pier Faber, ‘t Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

**Bankrelaasje:** 34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

**Ferienings nr KNVB:** BB BG 32H

| **Korrespondinsje besoarging Treffer:** | | **Tillefoan:** |
|---|---|---|
| Easterein: | Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |
| Wommels: | Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels | 0515-332469 |
| Itens/Hinnaard: | Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens | 06-25547253 |
| Spannum: | Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum | 0517-341532 |
| Winsum: | Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum | 0517-341886 |
| Kûbaard: | Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard | 0515-332965 |
| Oare plakken: | Hinke Kuiper, Skoallestrjitte 52, 8734 GN Easterein | 0515-332727 |

| **Kontribúsje :** | | | |
|---|---|---|---|
| | Senioren fjildfuotbal: | € 49,95 | it healjier |
| | Senioren sealfuotbal: | € 36,05 | it healjier |
| | Senioren fjild- en sealfuotbal: | € 63,85 | it healjier |
| | A- en B-junioren: | € 39,65 | it healjier |
| | C-junioren: | € 33,45 | it healjier |
| | D- en E-pupillen: | € 27,25 | it healjier |
| | F-pupillen: | € 23,65 | it healjier |

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

## Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-

Foar leden en stipers is de tagong **fergees**.

## Stipers

Stipers fan **€ 12,-** (of mear) yn it jier, krije “de Treffer” fergees. Wurdt “de Treffer” mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

## Klup fan 50

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, “de Treffer”, fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

## Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan ‘e jongereinkomissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).
Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.
Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).
Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.
Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynfoarmaasje is te fynen op: **www.vv-sds.nl**

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

# 9 augustus



Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan ‘e redaksjeleden.
Leafst op skiif of oer de E-mail.
E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl

## Feenstra Boys 1$^{e}$ yn SDS League




**side 10**

## Mei de krâns troch Rotterdam



**side 24**

## De hiele simmer op 'e hichte mei www.vv-sds.nl



**side 40**

## Ynhâldsopjefte


**Redaksjepraat** ........ 4
**Fan it bestjoer** ........ 4
**Fan de skeids** ........ 5
**SDS 4** ........ 6
**Ald5praat** ........ 7
**Ut de âlde doaze** ........ 9
**Einstân SDS League** ........ 10
**De SDS EK-League** ........ 12
**It ljocht op in sponsor** ........ 12
**Sibe de Seefûgel (55)** ........ 13
**Oan't wurd…..*Meinte Wesselius*** ........ 14
**De Freonen fan SDS** ........ 16
**Kampioensfoto SDS 1 bestelle** ........ Fout! Bladwijzer niet gedefinieerd.
**Wedstrijdverslag SDS B1** ........ 18
**Wedstriidferslagen SDS D1** ........ 18
**Wedstrijdverslag SDS D2** ........ 20
**Kampioenswedstrijd SDS E1** ........ 20
**The road to the finals…(4)** ........ 23
**Mei de krâns troch Rotterdam** ........ 24
**Appie stoppet** ........ 24
**Samar in wykein fuort** ........ 25
**Doelpuntenmakkers senioren SDS 2003/2004** ........ 28
**Kampioensfoto's** ........ 31
**Einstanden 2003-2004** ........ 33
**Lykle Bleekveld tekent by SDS** ........ 36
**Trefferkes** ........ 37
**Midsimmercup 2004** ........ 39
**Aginda** ........ 40

# Redaksjepraat



De lêste Treffer alwer fan it seizoen. Wat giet dat doch hurd. Wat wolle je ek mei sa ’n geweldich seizoen. As sy it my freegje dan hawwe wy gewoan alles wûn wat wy mar winne koenen. Better sil it dan ek net fuort wer wurde. Van Kammen hoecht net earder wer mei de tinte te kommen dan as SDS 75 jier bestiet. Of der moat derfoar al wer ris in team degradeare wêze. Oan ‘e oare kânt is yn it fuotbaljen fansels alles mooglik. Nijlân stie yn it winterskoft stiif ûnderoan yn ‘e 2e Klasse en 12 wedstriden letter spilen sy hast yn ‘e 1e Klasse. Dat is no krekt it moaie fan fuotbaljen. Wy sille mei it EK sjen as dêr ek in “outsider” sa ferrasse kin. Mei de SDS EK-League kin je je foarspellingen dwaan. Wa as dat wint mei him yn elts gefal oan ’t de nije SDS League “kenner” neame. Foar de rest sjogge wy it nije seizoen wol wer. It EK rint oan ‘t 4 july, de Midsimmercup yn Dronryp is 3 july, de webside giet de hiele simmer troch en de nije trainer begiet al op 27 july. Genietsje mar efkes fan ‘e simmer, foar as je it witte is it wer foarby. (WW)

# Fan it bestjoer

It fuotbalseizoen 2003/2004 leit al wer efter ús en as wy de balans opmeitsje kinne wy concludearje dat dit in seizoen west hat mei enorme hichtepunten. Sawol yn’e seal as op it fjild binne der mar leafst 9 teams kampioen wurden.



Wy sille de boeken der op nei slaan moatte om út te sykjen of der wol in better seizoen west hat, mar ik tink dat dit seizoen wol in record is. Trainers, lieders, ass. Skiedsrjochters en spilers nochris lokwinske en alfest foar it kommende seizoen succes yn’e hegere klassen. Ek wie der in teleurstelling te ferwurkjen want ús A-junioren koenen it net bolwerke yn’e haadklasse, tige spitich.

De oerskeakeling fan it fuotbalseizoen nei it keatsseizoen , wat elkoar in pear wike oerlapet is nei myn betinkst goed ferroun. Der moasten nochal wat wedstriden fersetten wurde, mar mei goede gearwurking fan’e lieders is dit allegearre tige slagge. Lieders betanke! De keatsferiening Easterein hat undertusken har 100 jierig jubileum ek alwer achter de rech. It bestjoer en de jubileum commissie hiene it allegearre prima foar elkoar. Mei al hun frijwilligers en benamme de ynset fan de jongerein hawwe der foar soarge dat wy hjir mei elkoar 4 dagen lang in grandioos keatsfeest hiene. Bestjoer en organisaasje nochris proficiat en fierders noch in protte succes tawinske.
Yn de Treffer fan maaie hat Dukke in stikje oer de sportklean fan de pupillen skreun. Hjir is noch al wat negatieve reaksje opkommen. Net dat Dukke hjir wat oan dwaan koe, want dit wie in beslút fan it bestjoer. It bestjoer hat sich op’e nij oer dizze matearje berie slein en is ta de conclusie kommen dat der in aparte sportklean commissie foar de pupillen komme moat.
Lokkich is dit ûndertusken slagge. De puntsjes moatte noch efkes op de i setten wurde. De folledige ynformaasje hjiroer komt yn de folgende Treffer.
Sportfreonen in noflike simmer tawinske.
Tinus

# Fan de skeids



Over een kleine maand en dan is het zover. Het EK in Portugal waar Nederland ook weer vertegenwoordigd is. Via een wat moeilijke weg in de voorronde zijn 'we' er weer bij. Hoe Nederland er is gekomen zijn we misschien al weer vergeten. (beslissingswedstrijd tegen Schotland) Maar vanaf 12 juni staat bij elke voetballiefhebber de tv op Nederland 2. Opereren op het hoogste niveau. Voor elke voetballiefhebber een droom. Van professional tot amateur. Als we bij de amateurs blijven heeft SDS 1 een geweldig seizoen. Afgedwongen via een beslissingswedstrijd voor 1200 'man' speelt SDS weer op zijn oude (2e klas) niveau. Ook de rest heeft het goed gedaan (SDS 2 en SDS 5) hetzij op een tree lager. Voor veel voetballers is het schitterend om op een goed niveau te spelen immers je wordt er zelf alleen maar beter van. Voor arbiters geldt dat min of meer hetzelfde. Als we straks vanaf 12 juni voor de buis zitten heb ik altijd de nijging om op de scheidsrechter te letten. Misschien een vervelende kick maar het is nou eenmaal niet anders. Niet zozeer dat ik mij daarmee wil identificeren maar gewoon kijken naar wat hij doet, hoe loopt hij, welke beslissingen neemt hij, etc. Niet alleen de scheidsrechter is belangrijk maar zeker ook zijn assistenten. Want vanuit vele hoeken van het stadion staan de camera's op scherp. Dat wil zeggen de fouten die er gemaakt worden zijn via de herhalingen direct te zien en onverbiddelijk. Buitenspel of niet. De afgelopen week bij de finale van de CL waren weer duidelijk. Ondanks dat de scheidsrechter goed floot zaten zijn assistenten er een aantal keren naast. Gelukkig worden er fouten gemaakt want anders hadden we ook niets meer te discussiëren over het potje voetbal. Maar toch.

Ieder duel op Euro 2004 staat onder leiding van een scheidsrechter en twee assistenten uit hetzelfde land. Het bijkomende voordeel is dat er geen taal barrières zijn en dat ze op elkaar zijn ingespeeld. Jammer dat er geen arbiters vanuit Nederland aanwezig zijn. De keuze van de UEFA om voor midden dertigers te kiezen geeft aan dat er in Nederland niet voldoende kwaliteit aanwezig is.

Nielsen (deen) (floot de finale CL), Riley (eng), Gonzalez (sp), Veissiere (fr), Merk (du), Collina (it), Hauge (noor), Batista (port), Ivanov (rus), meier (zwit), Michel (slo) en Frisk (zweed). Stuk voor stuk allemaal bekende namen waarbij iedereen wel een mening heeft van is die goed of niet goed.

Ga er maar vanuit dat deze arbiters vele instructies krijgen van de bobo's wat ze wel of niet moeten tolereren. Te denken valt aan shirtje uittrekken (is nieuw), bal weg trappen, smerige overtredingen, etc.

Ik hoop dat het een toernooi wordt wat weer een goed voorbeeld wordt voor het nieuwe seizoen zowel voor het betaalde voetbal als voor ons amateurs.

Ik wens eenieder veel kijkplezier. Want dat staat voorop.

Douwe Dirk Reitsma.

# SDS 4

**Ljouwerter Sweltsjes 12 – SDS 4**

Op woansdei 12 maaie moasten wy, in mengeling fan SDS 2,3 en 4 oantrede tsjin de Ljouwerter Sweltsjes. Der wienen in protte absenten fan ús eigen team, lykas Bert Rienstra.. Hy hie syn auto fuort brocht foar in lytse beurt. Efkes letter waard Bert belle troch de garaazje: syn Opel Vectra hie wat skea oprûn neidat er fan 'sleutelbrêge fallen wie. De kosten





wiene in nije auto, dat Bert moast jûns op syk nei in nije bolide. Fjirdere foarmen fan fersaken wiene: net meie fan'frou, 6 oere ite is 6 oere ite, boufergadering oer it meitsjen fan in feestwein, de ploegen-minsken en dan Piter Lieuwe van der Valk. It hiele jier kinst in berop op him dwaan mar yn maaie moat hy yn it gers. Dan de wedstriid. De earste helte wie in spektakel fan ús allstar team. Nei goals fan Pieter Pieter Kamstra, Gerard Posthumus en Gerlof Veldstra, stie it nei in kertier al 0-3. In útfal fan de Ljouwerter Sweltsjes betsjutte 1-3, mar dat koe ús net deare. Nei in skot fan Halbe Klaas Overal kamen we wer op in ferskil fan 3. It waard 1-4. De Ljouwerter Sweltsjes kamen foar rêst ek noch in twadde kear foar it doel en de rêststân wie 2-4.
Oer de twadde helte kin ik koart wêze. It wie in …..(piep) zooi. Nei 4 doelpogingen fan de Sweltsjes stoenen we mei 6-4 efter en dizze pot wie ferlern. Oorsaak leit, tinke we yn it ûnderskatten fan de tsjinstanner oer 90 minuten. Us tank giet út nei Sjoerd, Pieter, Gerard en Gerlof.

**Nijland 3 – SDS 4**

Nei it debakel fan Ljouwert moasten wy no tsjin de kampioen Nijland. It waard in knappe wedstriid foar ús, tot in heal oere foar de tiid bleaun it 0-0 en in puntsje hong yn é loft.
Doe't it publyk fan de neikompetysje wedstriid Nijland – Leek op it fjild kamen, krigen de kampioenen it op de heupen en we ferlearen mei 4-0

**Evaluaasje**

It seizoen is wer oan de ein kaam en faaks geane jo dan fan alles wer efkes nei. Ik bin ta de konkluuzje kaam dat wy moai fuort west hawwe. Wêr't Foppe ophâldt by Hearrenfean, hâldt Wilco Overal op by ús. Wilco bedankt en in protte sukses mei dyn oare bezigheden. Wy as lieders, fersoargers en spilers winskje jim allegear in moaie simmer ta.



Groetnis
Evert

# Ald5praat

## 28 april 2004 SDS 5 – Ryperkerk 3

En sa sjogge je mar wer. Op in jûn troch de wike fuotbalje levert alyd in hiele protte nije kennissen op. Soms wurde it gjin freonen. Dat wie no ek. De Ryptsjerkster wiene jonger mar ek better. Mar skore dat diene se net maklik. Wy krigen amper kansen yn de earste helte. Ien grutte. In strafskop nei hands. Ype T. naam him mei fertrouwen en hy skoorde. Dat wie krekt foar de thee.
Nei de rêst gie it wat better. Der kamen in pear kansen. Folkert Rients benutte der ien fan en Ype mocht noch in kear skore neidat Klaas Okkema de tsjinstanner trije kear útkampt hie en it publyk yn ektase rekke wie. Konsintraasjeferlies levere harren noch in doelpunt op. Tsjustere wolken en drigend ûnwaar soarge der foar dat de kampioensfoto hast yn it tsjuster nommen wurde moast. Want mei 3-1 wie SDS 5 kampioen. Knuffels, blommen, bier, patat, bitterballen, Jantje Koopmans, Andre Hazes en tal fan oare ingredienten soargen der foar dat it in ûnferjitlik feest waard.

## 1 maaie 2004 SDS 5- Rottevalle 4

Mei it bier noch yn de fuotten(fan it kampioensfeest en fan de keatserij yn Easterein)moast ynspiraazje socht wurde om ek dizze wedstriid te winnen. Dat slagge prima mei in oantal gastspilers. Piet Kemper en Trinus de Jong fan SDS 4, Gerard Posthumus en Lieuwe Meijer fan SDS 3 en Klaas Visser fan de Opropwrotters  makken der noch in seleksje fan. Blessures krije de oerhân sa stadichoan..
Mei rêst wie it noch 0-0. Nei de thee waard it spul hieltyd iepener en doelpunten bleaunen net út. Eddy de Boer (2) Roel ( in prachtige lob nei in lange bal fan Klaas Visser) en Gerard skoorden.
Jelle de Boer fluite en hy die dat prima.

## 8 maaie 2004 SDS 5 – Ouwe Syl 3

“Dat sil wol net yn it ferslach komme,”sei Eddy de Boer, neidat hy de ferantwurdelikens foar it doel ôfskoode op Aant. Earder hie hy dat ek al dien mar doe op Bertus: dy skoorde wol.
Foar dizze iene kear meitsje ik derom in útsûndering: ik beskriuw it missen fan in kans. Oer dy 5 prachtige doelpunten, dy’t folle mear oandacht fertsjinje, dêrom gjin wurd. Of toch: de doelpunten makkers: Bertus 2 kear en Eddy 3 kear.
No noch efkes oer it missen fan de beste kans.
In oanfal út it boekje (fan Ids) soarge der foar dat de bal telâne kaam by Eddy de Boer. Hy stie lofts fan it doel. Hy soe de bal ôfspylje(alwer) nei Bertus Bootsma mar in foet fan in ferdigener soarge der foar dat de bal foar de fuotten fan Aant kaam. Frij, midden foar it doel, op sa’n 7 meter hie hy de bal foar it ynpisjen. Hy hie syn fiters noch wol fêst meitsje kind, hy hie alfêst wol in stikje skriuwe kind, hy hie syn burd noch wol yn de krullen dwaan kind, hy hy hie noch wol efkes wuive kind nei de twa lieders fan SDS2 dy’t stiene te skouten, hy hie syn sjurtsje noch wol rjocht lûke kind, fatsoenlike sokken keapje kind en dan noch hie hy tiid om mei him sels te oerlizzen yn welke hoeke hy de bal sjitte woe.
Nee, hy naam gelyk in beslút en skeat te slop yn de rjochterhoeke sadat de doelman syn alderbêste rêding fan de middei dwaan koe.
SDS 5 (hoewol mei Piet, Piter, Rudy en Trinus derby like it mear op in kombinaasje fan SDS 4 en 5) wûn gelokkich wol mei 5-1 trochdat oaren wol doeltreffend wiene.

**15 maaie 2004 SDS5 – BCV7**

In reglmjittige oerwiing op dizze sneon foarofgeand oan it wykein fuort.
Ype Tiemersma mocht safolle skore at er woe, hy soe Eddy dochs net mear foarbykomme. Hy skoorde 3 kear.
Einstân waard 4-1.
Klaas Visser liet wer sjen dat hy mei syn lange bal "yn de poaten" de boel foar aardich stjoere kin. Jacob Plantinga knipte noch efkes in plaatsje fan dizze wedstriid



**22 maaie 2004 SDS 5 – Sûwald 2 1-1**

In tige teloarstellend slot fan de ein fan de kompetysje. Net ien dy't er ek mar by like it wêzen. Sawol lichaamlik as geastlik. Der wie gjin oertsjûging mear yn it spul. Dat it úteinlik noch 1-1 waard wie de fertsjinste fan de tsjinstanner. Nimmen dy't nei ôfrin him ek wat herinnerje koe fan de doelpunten. Sy hiene ien makke mar hoe? Wa wie der yn de fout gie, nimmen wist it mear. Doe't ik nei ôfrin frege wa't no krekt ús doelpunt makke hie, moasten se it antwurd skuldich bliuwe. Nimmen woe dit doelpunt op syn namme ha. Ït wie neffens my in eigen doelpunt", waard er sein troch immen.
1-1 wie de einstân fan dizze lêste wedstriid

**Weromsjen**

Ik soe wol graach efkes wat sifers nimme wolle om it weromsjen wat krêft by te setten. Ik soe antwurden ha wolle op de folgende fragen:

1. Hoefolle spilers hie Ids nedich om dit seizoen troch te kommen
2. Wêr wiene de gehaktballen no it lekkerste
3. Wa die as ienige alle wedstriden mei?
4. Hoefolle tillefoantsjes hat Ids dien om 11 yn de greide te krijen?
5. Wa joech de measte assisten?
6. Wêr stiet de leukste kantine?
7. Wat wie de aardichste ploech om tsjin te fuotbaljen?
8. Hoefolle blessures binne der wol net west (nei it kampioenskip)
9. Binne Knabbel en Babbel konkurinten en kollega's
10. Is dizze ploech klear foar de 5de klasse?
11. Hoefolle strafskoppen binne der mist
12. Hokker systeem wa't it meast fuotballe

SDS 5 hat in protte belibbe yn 2003/2004, want in boeiend bekertoernooi en in kampioenskip: it binne foar skriuwers prachtige tiden.
Tige tank dêrfoar
Aant

# Ut de âlde doaze



**SDS 5 1979/1980**

Yn it seizoen 1979/1980 waard SDS 5 kampioen nei 18 wedstriden. 15 oerwinningen, 1 kear gelyk en 2 kear ferlern. Yn dat seizoen waard ien fan de grutste oerwinningen ea helle by de senioren fan SDS . 22-0 tsjin QVC op it fjild fan Wommels. Sipke skoorde doe 12 kear.

Wa wiene de SDS 5 spilers fan doe: Teun Boonstra (oanfierder en skoorde 2 doelpunten), Tjipke Okkema (krige mar 16 doelpunten tsjin en hoechde dêr de jas net foar út te dwaan), Sipke Hiemstra (37 doelpunten en omskreaun as in talint) Lieuwe Hoitinga (tusken allegear blessures wie syn routine fan grut belang), Wouter Tjerkstra (syn earste seizoen wer, spile op loftsefter), Chris Postma ( 6 doelpunten en ûntelbere foarsetten fan lofts), Piter Sieswerda (makke mear kapbewegingen as alle oaren meielkoar , skoorde ek noch 4 kear) , Lolke Hofstra (spile lêste man en dy dat prima sûnder brace, skoorde ek noch 1 kear), Koos Schaafsma (middenfjilder en makker fan 3 doelpunten) Anne Brouwer (mei 16 doelpunten in grutte oanwinst foar SDS, kin goed koppe en hie it leafst in soad romte) Cor Postmus (ferdigjende middenfjilder, bekind om slidings, skoorde 1 kear), Aant Hofstra (die mei foar de stikjes fan de Treffer en skoorde ek noch 4 kear) Harm Jan Klijnstra (lytse, mar hurde ferdigener út Reahûs, makke ien doelpunt.)

De thúswedstriden waarden spile yn Wommels.

# Einstân SDS League

| Stand | Vorige stand | Naam team: | Naam: | Woonplaats: | Week 10 | Week 11 | Week 12 | Week 13 | Eind stand | Week prijzen | Eind prijzen |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 1 | 1 | Feenstra Boys | Sjoerd Feenstra | Bolsward | 51 | 40 | 42 | 37 | 553 | € - | € 100,00 |
| 2 | 2 | Krek Net | Roel Sybesma | Easterein | 57 | 41 | 44 | 50 | 548 | € 18,00 | € 75,00 |
| 3 | 3 | Dophok United | Dirk-Yde Sjaarda | Easterein | 48 | 43 | 52 | 49 | 546 | € - | € 50,00 |
| 4 | 7 | November Rain | Gerrit Terpstra | Easterein | 39 | 44 | 57 | 55 | 544 | € 6,00 | € 40,00 |
| 5 | 5 | Robert Hoekstra | Robert Hoekstra | Easterein | 48 | 48 | 44 | 47 | 542 | € 12,00 | € 30,00 |
| 6 | 6 | Waarmrinners | Sibe de Seefûgel | Skrok | 55 | 36 | 48 | 47 | 540 | € - | € 20,00 |
| 7 | 4 | Mukkes | Marco Hoekstra | Easterein | 37 | 36 | 55 | 42 | 538 | € - | € 15,00 |
| 8 | 11 | Bundy-Bunzing | Sjoerd van Beem | Wommels | 35 | 29 | 47 | 45 | 520 | € - | € 7,50 |
| 9 | 14 | SyWeBo | Syb Wesselius | Bolsward | 56 | 31 | 46 | 48 | 520 | € - | € 7,50 |
| 10 | 9 | De Oost-Indische Kustkangaroe | Gerard van Asselt | Easterein | 40 | 46 | 52 | 35 | 519 | € - | € 2,00 |
| 11 | 10 | Pieter Kamstra | Pieter Kamstra | Hennaard | 49 | 42 | 57 | 42 | 518 | € 12,00 | € - |
| 12 | 12 | Vengeance is Mine | Akke Jansen | Dordrecht | 49 | 42 | 52 | 44 | 518 | € - | € - |
| 13 | 15 | FC Seedorf | Gearard Posthumus | Wommels | 58 | 39 | 47 | 47 | 518 | € 12,00 | € - |
| 14 | 17 | BLYA TRYA | Ype Tiemersma | Wommels | 49 | 41 | 50 | 49 | 518 | € - | € - |
| 15 | 22 | Omheeg | Minne Joustra | Wommels | 55 | 32 | 42 | 56 | 518 | € 12,00 | € - |
| 16 | 18 | Harm Stremler | Harmen Stremler | Easterein | 48 | 44 | 51 | 48 | 517 | € - | € - |
| 17 | 24 | K 's Choice (nfdm) | Cees Adema | Wommels | 47 | 33 | 45 | 57 | 515 | € - | € - |
| 18 | 19 | Best of the Rest | Dirk de Jong | Easterein | 58 | 42 | 54 | 45 | 514 | € - | € - |
| 19 | 23 | Anne Stenekes | Anne Stenekes | Easterein | 38 | 33 | 44 | 51 | 513 | € - | € - |
| 20 | 16 | Redmer Strikwerda | Redmer Strikwerda | Wommels | 49 | 38 | 40 | 41 | 511 | € - | € - |
| 21 | 8 | Kapitein | Henk Postma | Wommels | 41 | 39 | 47 | 23 | 507 | € 24,00 | € - |
| 22 | 27 | Real Mantgum | Skelte Anema | Mantgum | 49 | 45 | 41 | 53 | 507 | € - | € - |
| 23 | 13 | FC Zak 'es lekker door | Trienus de Jong | Lollum | 48 | 37 | 42 | 34 | 506 | € - | € - |
| 24 | 33 | De Voortzetting | Samme K. Overal | Easterein | 43 | 38 | 44 | 51 | 500 | € 12,00 | € - |
| 25 | 35 | Jeroen Brouwer | Jeroen Brouwer | Wommels | 37 | 30 | 55 | 52 | 500 | € - | € - |
| 26 | 20 | FC Munnaps | Bote Strikwerda | Spannum | 53 | 43 | 49 | 36 | 499 | € - | € - |
| 27 | 21 | Dinosaur Sr. | Lolke Hofstra | Wommels | 50 | 28 | 42 | 36 | 498 | € - | € - |
| 28 | 28 | De deade cavia's | Jan Stenekes | Itens | 43 | 45 | 54 | 41 | 495 | € - | € - |
| 29 | 26 | Foarhinne Ponghälder FC | Popko Wijnia | Wommels | 33 | 31 | 45 | 38 | 494 | € - | € - |
| 30 | 34 | Feite | Feite de Haan | Easterein | 40 | 36 | 48 | 45 | 493 | € - | € - |
| 31 | 38 | Op naar de top | Marten Faber | Easterein | 36 | 40 | 48 | 49 | 490 | € - | € - |
| 32 | 36 | Omke Boeloe | Sjouke Sjoukema | Itens | 41 | 38 | 43 | 42 | 489 | € - | € - |
| 33 | 43 | Dreamteam | Appie/Jelmer Posthumus | Wommels | 61 | 40 | 40 | 56 | 489 | € 12,00 | € - |
| 34 | 29 | Britt 's Beauty 's | Britt Scheltema | Easterein | 43 | 32 | 40 | 35 | 488 | € - | € - |
| 35 | 31 | Knopper is een Topper | Bauke Dijkstra | Easterein | 35 | 40 | 62 | 37 | 488 | € 12,00 | € - |
| 36 | 25 | Fjoer en Wetter wer together | Wichard/ Aukje Deinum | Wommels | 48 | 33 | 49 | 29 | 487 | € - | € - |
| 37 | 32 | Solo Super de Boer | Ewout de Boer | Easterein | 42 | 34 | 47 | 37 | 487 | € - | € - |
| 38 | 42 | JSJ Hackers | Jan Simon Jelsma | Easterein | 43 | 32 | 50 | 51 | 485 | € - | € - |
| 39 | 30 | Hoe oars? | Chris Postma | Wommels | 49 | 39 | 51 | 32 | 483 | € - | € - |
| 40 | 40 | Geen Man Overboord FC | Hendrik de Jong | Easterein | 54 | 39 | 36 | 47 | 483 | € - | € - |
| 41 | 37 | SC Walpert | Johan Delfsma | Wommels | 39 | 37 | 41 | 40 | 481 | € - | € - |
| 42 | 39 | The Updikes | Piet Oppedyk | Sneek | 35 | 25 | 41 | 37 | 475 | € - | € - |
| 43 | 45 | De Breggewhippers | Okke van de Kamp | Oudega(W) | 36 | 38 | 46 | 43 | 475 | € - | € - |
| 44 | 44 | De Rûghauers | Ids de Boer | Easterein | 43 | 37 | 41 | 41 | 474 | € - | € - |
| 45 | 52 | So What! | Bas van der Wey | Easterein | 43 | 31 | 47 | 47 | 473 | € - | € - |
| 46 | 46 | Peter Sybesma | Peter Sybesma | Easterein | 40 | 33 | 44 | 37 | 468 | € - | € - |
| 47 | 47 | Jeroen team | Jeroen Luiten | Itens | 36 | 45 | 41 | 39 | 468 | € - | € - |
| 48 | 49 | Moat Kinne | Johan de Graaf | Wommels | 41 | 32 | 40 | 41 | 468 | € - | € - |
| 49 | 41 | Winsum United | Geert Dijkstra | Winsum | 41 | 32 | 33 | 33 | 467 | € - | € - |
| 50 | 54 | Sjokem | Sjoerd Postma | Wommels | 35 | 33 | 38 | 44 | 465 | € - | € - |
| 51 | 51 | De ideale Schoonzonen | Meinte Wesselius | Wommels | 39 | 20 | 49 | 37 | 464 | € 12,00 | € - |
| 52 | 55 | Het Josti team | Harm Auke Dijkstra | Easterein | 36 | 38 | 51 | 43 | 463 | € - | € - |
| 53 | 58 | Mukrow FC | Broer-Wiebe de Ringh | Workum | 41 | 30 | 39 | 45 | 463 | € - | € - |
| 54 | 56 | FC Grasmat | Erwin de Boer | Easterein | 34 | 32 | 44 | 43 | 462 | € 6,00 | € - |
| 55 | 57 | The Butchers | Lolke Bouma | Easterein | 34 | 32 | 44 | 43 | 462 | € 6,00 | € - |
| 56 | 48 | WSPN | Wabe Tijmersma | Spannum | 40 | 32 | 40 | 33 | 461 | € - | € - |
| 57 | 60 | Is this it | Willem Wijnia | Wommels | 42 | 38 | 51 | 43 | 461 | € - | € - |
| 58 | 53 | Hoe fier komt Pier? | Pier Faber | Easterein | 40 | 40 | 35 | 35 | 459 | € - | € - |
| 59 | 50 | CCCC | Robert Sybesma | Easterein | 34 | 35 | 40 | 30 | 457 | € - | € - |
| 60 | 59 | Heile & Keter | Tsjipke Okkema | Easterein | 49 | 43 | 42 | 39 | 457 | € - | € - |
| 61 | 62 | Hoor 'em | Erik/Jakob-Klaas Haitsma | Wommels | 26 | 41 | 42 | 41 | 452 | € - | € - |
| 62 | 65 | The Ozzman | Hendrik Eringa | Spannum | 50 | 26 | 37 | 42 | 451 | € - | € - |
| 63 | 63 | D.O.H. | Harm Bergsma | Easterein | 51 | 32 | 44 | 37 | 448 | € - | € - |
| 64 | 64 | FC Boppeslach | Jan van Asselt | Easterein | 32 | 38 | 44 | 38 | 448 | € - | € - |
| 65 | 67 | Rienk Wiersma | Rienk Wiersma | Itens | 37 | 25 | 38 | 37 | 445 | € - | € - |
| 66 | 69 | Brouwertjes uit Winsum | Jelmer Brouwer | Winsum | 32 | 28 | 37 | 39 | 443 | € - | € - |
| 67 | 70 | Easpänne | Minne Bonnema | Easterein | 38 | 38 | 31 | 45 | 443 | € - | € - |
| 68 | 61 | Shoef! Shoef! | Arnold en Tseard | Wommels | 30 | 37 | 47 | 29 | 441 | € - | € - |
| 69 | 71 | Oorlog maken in de zestien | Feiko Broersma | Easterlittens | 24 | 33 | 42 | 42 | 438 | € - | € - |
| 70 | 74 | Team Stroh | Watze Zeinstra | Easterein | 32 | 31 | 46 | 42 | 437 | € - | € - |
| 71 | 68 | T. en T. | Tinus Hoekstra | Easterein | 34 | 33 | 40 | 25 | 433 | € - | € - |
| 72 | 76 | Durk Okkema | Durk Okkema | Easterein | 32 | 42 | 43 | 40 | 432 | € - | € - |
| 73 | 77 | Sicco Solo | Freddie/Sicco Scheltema | Easterein | 48 | 39 | 37 | 41 | 432 | € - | € - |
| 74 | 72 | Toppy | Germ Stenekes | Wommels | 38 | 33 | 43 | 35 | 431 | € - | € - |
| 75 | 75 | FC Guppy's | Gep Bakker | Easterein | 34 | 33 | 53 | 36 | 430 | € - | € - |
| 76 | 66 | Skrok 11 | J. en J. de Boer | Easterein | 42 | 29 | 43 | 19 | 428 | € - | € - |
| 77 | 78 | FC Lul de Behanger | Sybren Wesselius | Wommels | 33 | 30 | 54 | 37 | 427 | € - | € - |
| 78 | 73 | FC De Boer | Jelmer en Eling de Boer | Wommels | 34 | 25 | 39 | 24 | 419 | € - | € - |
| 79 | 81 | Tomba la Bomba | Tom Wijnia | Wommels | 38 | 24 | 39 | 32 | 418 | € - | € - |

| Stand | Vorige stand | Naam team: | Naam: | Woonplaats: | Week 10 | Week 11 | Week 12 | Week 13 | Eind stand | Week prijzen | Eind prijzen |
|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|---|
| 80 | 79 | Flyer | Tamme de Boer | Easterein | 43 | 19 | 39 | 29 | 417 | € - | € - |
| 81 | 82 | Hylkies | Jildert/ Wouter Hylkema | Easterein | 35 | 37 | 40 | 32 | 415 | € - | € - |
| 82 | 85 | FC Pinky | Romine Jelsma | Leeuwarden | 45 | 34 | 33 | 36 | 414 | € - | € - |
| 83 | 86 | Slachtedijk-team | Hessel Hofstra | Wommels | 47 | 29 | 38 | 37 | 413 | € - | € - |
| 84 | 84 | Kezman fan | Gert Jan Hiemstra | Easterein | 25 | 25 | 42 | 32 | 411 | € - | € - |
| 85 | 80 | De A-sociaal | Albert Tiemersma | Wommels | 30 | 28 | 37 | 23 | 409 | € - | € - |
| 86 | 87 | Birth of the Wicked | Ron Jansen | Dordrecht | 31 | 28 | 38 | 35 | 399 | € - | € - |
| 87 | 89 | Sabetocht.nl | Mark Postma | Wommels | 25 | 32 | 41 | 43 | 399 | € - | € - |
| 88 | 83 | Ilse en Marco | Yme Vonk | Oudega(W) | 30 | 20 | 40 | 17 | 397 | € - | € - |
| 89 | 90 | Swenggg! | Tjalling Hoekstra | Easterein | 44 | 29 | 27 | 42 | 397 | € - | € - |
| 90 | 88 | Te Plak | Annemarie en Petra | Wommels | 28 | 24 | 33 | 22 | 383 | € - | € - |
| 91 | 91 | Sterrenmix | Peter/Wouter Plantinga | Lutkewierum | 31 | 15 | 34 | 28 | 373 | € - | € - |
| 92 | 93 | FC Skop 'm Net Oer | Skelte en Tsjipke | Easterein | 36 | 18 | 25 | 37 | 364 | € - | € - |
| 93 | 92 | Oranje Nassau Groningen | Bert Geuchies | Groningen | 22 | 23 | 29 | 19 | 348 | € - | € - |
| 94 | 94 | Band of Brothers | Robin Osinga | Wommels | 29 | 25 | 37 | 32 | 347 | € - | € - |
| 95 | 95 | De Kuijertjes | Sjouke Sjoukema | Itens | 19 | 30 | 27 | 17 | 279 | € - | € - |
| 96 | 96 | FC Etex | Jelte-Pieter Dijkstra | Easterein | 23 | 8 | 24 | 15 | 276 | € - | "Poedel" |

# SDS League




Ûndanks de grutte foarsprong fan 18 punten fan de Feenstra Boys (fan Sjoerd Feenstra) op de nûmer 2 Krek Net (fan Roel Sybesma) waard it dochs noch spannend. It ferskil waard yn 'e lêste wike noch werombrocht tot 5 punten. Hjirmei rêde Roel it krekt net. De flagge kin dus út yn Boalsert. Sjoerd Feenstra is as supporter fan Bolswardia tige bliid mei syn earste priis yn 'e SDS League.

Dophok United fan Dirk-Yde Sjaarda pakte knap it 3e plak. Sy bleaunen noch krekt 2 punten foar op dy hurde back fan SDS 2, Gerrit Terpstra mei November Rain. It ferskil wie mar 2 punten.

Foar it earst yn 'e histoarje fan 'e SDS League pakt Sibe de Seefûgel in priis yn 'e SDS League. Hy waard mei syn Waarmrinners 6e. Dit belooft noch wat foar de kommende SDS EK-League.

Syb Wesselius koe mei SyWeBo syn maat Sjoerd Feenstra net byhâlde mar hy hie him altiten yn it sicht. Syb eindige as 9e. Twa Boalserters dus yn 'e top 10. Dat ferlies fan Bolswardia is dochs noch ergens goed foar west.

Kapitein Henk Postma is nei wiken út de top 10 dondere. Wiken stie hy boppe-oan en pakte hy 2 wykprizen. It seizoen duorre foar him krekt te lang. Yn 'e lêste wike sinkt de Kapitein fan it 8e nei it 24e plak.
De heechste frou wy wer Akke Jansen mei Vengeance is mine. Sy waard 12$^{e}$. Britt 's Beauties fan Britt Scheltema eindige as 2$^{e}$ frou op it 34$^{e}$ plak.

Neffens ús pakt Minne Joustra eltse kear wolris in priiske yn 'e SDS League. Dizze kear pakt hy mei Omheeg de lêste wykpriis fan it seizoen.
Fêste klant ûnderyn Oranje Nassau Groningen fan Bert Geuchies makke ek dit kear syn reputaasje wer wier. De zwager fan Jan Keuning waard 93$^{e}$.

Dikke triennen hielendal ûnderyn de SDS League. De Kuijertjes fan Sjouke Sjoukema hawwe it net rêden. FC Etex fan Jelte Pieter Dijkstra bleaun krekt ûnder him yn 'e striid om 'e poedelpriis. "De jeugd hat de takomst", sille wy mar sizze.
Wy hoopje jimme allegear wer te sjen yn 'e SDS EK-League. En oars oan 't folgend seizoen.

(WW)

## De SDS EK-League

Mei it EK organisearje wy in SDS EK-League. Wy hoopje dat dizze Treffer noch wat op ‘e tiid is sa dat jimme noch meidwaan kinne. De formulieren binne te finen op **www.vv-sds.nl**.
Degene dy ’t gjin ynternet hawwe kinne by Willem Wijnia(Walperterwei 21 Wommels) ynskriuwformulieren ophelje. De kosten om mei te dwaan binne 5 euro. De prizen binne ôfhinklik fan it oantal minsken wat meidogge. Fansels giet der ek in diel nei SDS. It wurket sa maklik as wat. Foar elke wedstriid yn ‘e foarronde ful je in 1, 2 of 3 yn (lykas by de toto). Foar elke goeie foarspelling krije je punten. Fierder foarspel je wa as der yn de kwart- en heale finales en finale komme en wa as úteinlik Europees Kampioen wurdt. Foar elk goed antwurd krije je wer punten. De útslagen binne eltse dei te folgjen fia **www.vv-sds.nl** en mooglik ek fia de fuotbalhokjes yn Wommels en Easterein. Sukses!

## It ljocht op in sponsor




WaarVeiligheid en Gezondheid 1is.

**Veenstra Milieutechniek** heeft zich sinds 1993 gespecialiseerd in asbestsanering, het jaar waarin het verboden is geworden asbest of asbesthoudende producten te bewerken, te verwerken of in voorraad te houden.

Alle ontwikkelingen op het gebied van regelgeving over het werken met asbest hebben Veenstra Milieutechniek op de voet gevolgd.
Veenstra Milieutechniek is gespecialiseerd in **asbest inventarisatie en –analyse** en gecertificeerd voor **asbestsanering**.

Met DTA-A-ers, Deskundig Toezichthouders Asbestlopen, een aantal asbestsaneringsmedewerkers en een speciaal ingerichte wagen (decontaminatie-unit) kunnen wij de asbesthoudende producten op een zorgvuldige en deskundige wijze voor U saneren.

Vanuit een **bouwkundige achtergrond** wordt de constructie geanalyseerd waarna een saneringsplan wordt opgesteld.

Na het saneren worden de asbesthoudende producten op de vereiste wijze ingepakt en zo spoedig mogelijk afgevoerd naar een daarvoor aangewezen plaats.

Ten behoeve van kostenbesparing worden kleine hoeveelheden asbesthoudende producten tijdelijk opgeslagen, op een speciaal daarvoor afgezette plaats op ons terrein.

(Dizze ynformaasje is ôfkomstich fan de webside fan Veenstra Milieutechniek; http://www.veenstra-bv.nl/)

# Sibe de Seefûgel (55)



**In brêge te heech**

Ik bin oan it protestearen dat kinne jim seker wol sjen op de foto hjirûnder. Ik haw in barrikade opsmiten op ien fan dy brêgen yn ús omjouwing. Brêgen dy't net al te heech binne en dy't by simmer genôch romte jouwe oan roeiboten, moterboatsjes en kano's. Brêgen dy't my winters altiten prachtige taferielen opleverje. Reedriders dy't troch de knibbels moatte om der ûnder troch te gean. Ik kin dan ferrekte goed sjen wa't stiif yn de rêch is.
Ik protestear net tsjin dy reedriders en dat lyts boatsje-ark. Ik protestear tsjin dy healwize plannen yn ús omjouwing om al dy brêgen omheech te bringen om sa romte te jaan oan in dikke Dutser dy't eigenwiis op syn hierde kruiser ús fearten hjir ûnfeilich meitsje sil. De brêgen moatte op 2.50 brocht



wurde om dizze omjouwing in geweldige "toeristyske impuls" te jaan.
Ik sit hjir hielendal net te wachtsjen op al dy boatsjeminsken. En al dy fûgels op Skrok ek net. Us gebiet leit oan de Boalserterfeart en mei al dy boaten dêr is it dien my de rêst. It liket er dúdlik op dat se Skrok as fûgelgebiet fan de kaart triuwe wolle. In rûnwei by Wommels en in protte boaten oan de Noardkant.
Jild dat hjir foar brûkt wurdt is fuortsmiten jild. Der binne ferdoarje dochs wol bettere plannen om jild oan út te jaan.
Want it is dochs te mâl foar wurden dat toeristen hjir de romte krije wylst de eigen sporters yn dizze buert de romte ôfnommen wurdt.
Ik protestear tsjin al de plannen en kom mei in goed alternatyf. Jou de SDS-ers mear romte soe ik roppe wolle oan minsken dy't beslisse oer healwize plannen. Sjoch nei dy klup dy't kampioen wurdt en fol ambysje sit.
In stikje grien derby dêr, in better ûnderkommen foar de gearkomsten en de neisit, is dochs net te folle frege. Tink ris nei oan al dy jonge leden dy't hiel wat sportive oeren trochbringe by SDS. Wat soene se oars dwaan? Omhingje, roppe om hingplakken, karafans oprjochte en noch slimmer minsken lestich falle.
In fuotbalklup is mear as in sportklup: it is in maatskiplik wichtige organisaasje.
Derom haw ik in barricade oprjochte om ien fan de brêgen. En oh wee, dat se besykje dizze omheech te bringen. Ik sil de striid mei harren oangean. En ik krij help dat wit ik seker: fan oare fûgels mar ek fan fan al dy SDS leden. Sy hoopje krekt as my dat de brêgen foar de toerist in brêge te heech bliuwe sil.

# Oan't wurd…..*Meinte Wesselius*



*Dizze kear in wat oare form fan ynterviewen. Omdat Meinte Wesselius ophâldt as lid fan 'e Treffer-redaksje, kaam hy yn oanmerking foar dizze rubryk. Hy wol wol graach wat mei de tiid meigeaan en derom hawwe wy der foar keazen om him te ynterviewen fia de mail. Elts lid fan 'e Trefferredaksje hat him in fraach mailt hy joech de antwurden.*

*Wêr hast mear wurk fan in Treffer opmeitsje of in Slachtemaraton drave en wat is leuker?(Aant)*
As blessueres my besparre bliuwe gean ik der fan út dat ik de Slachtemarathon yn 4,5 oere drave kin. De Treffer meitsje ik altiid op snein op, sadat wy de neitsjes fan de sneon derfoar ek noch meinimme kinne. Jûns bring ik de CD-rom dan nei Wouter. Mei de Treffer haw ik wat langer wurk dan 4,5 oere, mar dat is meastentiids gjin effektyve tiid. Ik rin der wolris by fuort, ik strún noch wolris op ynternet of yn myn eigen fotoarchieven om by in stikje tekst in tapaslike ôfbylding te sykjen. As alle stikjes lykwols goed oanlevere wurde en komt it wat it oantal siden oanbelanget goed út, kin it opmeitsjen fan de Treffer ek wol yn in oere. Eins fyn ik dat mar neat en rin ik alles dan dochs noch wol in pear kear troch om te sjen of der hjir en der noch in aardichheidsje oan taheakke wurde kin. Ik kin noch net echt sizze wat leuker is, want ik haw noch nea in marathon draaft.

*Meinte do bist de man fan de foto's. Is dat allinne foar SDS sa of rinst altiten mei dat ding om de skouder?(Aant)*
Hjir moat ik twa kear ûntkennend op antwurdzje. It is in bytsje myn hobby wurden om by eveneminten wêr ik sels by belutsen bin (of famylje) foto's te meitsjen, dizze te bewurkjen en fêst te lizzen op in CD-rom. Mei de digitale kamera kin ik mar omraak knippe en de moaiste foto's bewarje. Sa haw ik underwilens al in moai fotoarchief opboud. Leuk om letter nochris werom te sjen.

*Do hâldst mei de redakje op mar as fotograaf soest wol oan bliuwe wolle, no ha ik de mailtjes efkes troch lêzen en dêr ha ik fûn dasto altyd noch ris in pin-up sjitte wolst. Wa sil dit wêze en wannear kinne we dit ferwachtsje? (Durk)*
Do bringst my wol wat yn ferlegenheid mei dizze fraach, mar hawar....As Metsje los giet mei har nije rubryk "it himd fan it liif" , wêr't sy de spilersfroulju opsiket, bin ik úteraard net te beroerd om de foto's te nimmen. Wa dit wêze sil?....ik soe sizze: litte wy mar begjinne mei Metsje. Litte we dan it swarte balkje dat sy yn de Treffer fan april foar har eagen hie, in bytsje sakje. Wannear? ...dat is úteraard oan de redaksje. Ik soe jimme lykwols adfisearje wolle it dizze simmer noch te dwaan. Simmerdeis is de natoer op syn moaist.
*Wat foar funksjes hasto al hân by SDS?(Willem)*
Doe't ik yn 1981 nei Wommels ferhúze, haw ik my fuortdaliks oanmeld by SDS. Ik haw my as rekreant opjûn, haw oan't ein tachtiger jierren by it fjirde en tredde spyle en wie in oantal jierren lieder. Derneist siet ik yn die tiid yn de jongereinkommisje en trainde ik E- en D-pupillen. Ik haw troch myn stúdzje myn aktiviteiten (fuotbaljen en frijwilligers-

wurk) foar SDS in skoftke staakt. Fanôf '93 bin ik wer begongen. Yn 1993 en 1994 Lieder C2 en B1; yn de perioade '94-'99 Haadbestjoer (lede-administraasje); yn de perioade '95-'97 foarsitter fan de jubileumkommisje (50 jier SDS); fan desimber '98 oan't no: redaksjelid fan de Treffer; fan '95 oant '03 ôfwikseljend lieder en trainer fan jongereinteams wer't ús Sybren en Pieter yn fuotbalden. Fierder haw ik de SDS-jubileum league (letter SDS-league) opsetten en in oantal jierren byhâlden. Fan 2000 oant 2003 wie ik twa jier foarsitter en ien jier lid fan de jongereinkommisje.

*Wat wurdt dyn folgende funksje of welke funksje ambiëerst yn 'e takomst?(Willem)*

Yn de takomst bliuw ik de Treffer opmeitsjen, sjit ik ek noch wol wat foto's en skriuw as it sa úkomt noch wolris in stikje. Dernjonken soe ik sa no en dan noch wolris wat ienmalige aktiviteiten mei-organisearje wolle. Ik ambieer net mear in funksje by SDS wêr ik my it hiele jier troch op fêste tiiden bine moat.

*Wat binne dyn driuwfearen om dysels altiid wer yn te setten foar oaren?(Sjoerd)*

Yn it foarste plak is it myn hobby. Fuotbal fyn ik in prachtich spultsje. It is dus perfoarst gjin straf om der te wêzen, der nei te sjen en der mei minsken dy't der ek binne oer te praten. Fanút in stik entûsjasme is it dan mar in lyts stapke om by te dragen oan de organisaasje. Eins jildt dat foar al myn frijwilligerswurk. Minsken om my hinne wêr ik mei laitsje kin en dy't my ynspirearje en motivearje, binne myn driuwfearen.

*Wat fynst fan de 'tendens' dat it hyltiid dreger wurdt om frijwilligers te finen?(Sjoerd)*

Minsken stelle hieltiid mear easken oan harren sels, krije it hjirtroch hieltiid drokker en dan is it in optelsom. It is in maatskiplik ferskynsel, dat wy dochs net feroarje kinne. Wy moatte frijwilligers dan ek net mear freegje foar grutte klussen foar in lange tiid. Better is dat wy it partsje yn lytste stikjes. Ik tink dat wy dan net oer te min frijwiliigers yn hoeche te sitten. De oare kant fan de medaille is dat dit lykwols wol folle mear fan de organisaasje freeget. Ik tink dat dat it grutse probleem wurdt fan de measte frijwilligersorganisaasjes.

*Meinte je zit nu al jaren in het bestuur van de treffer , wat vond je nou het moeilijkste om te doen?(Metsje)*
*Je mag kiezen uit meer keuze:*
*a. om te zeggen dat je gaat stoppen met de treffer redactie.*
*b. om te beginnen met een stukje te maken.*
*c. bij nazitten van een vergadering naar huis te gaan.*
*d. iets heel anders....namelijk:*

A) Fan myn funksjes by SDS haw ik my it mearst ferbûn fielt mei de Treffer, omdat ik fanôf it begjin by de opset fan de nije Treffer belutsen west bin. Doedetiids haw ik fanút myn funksje by it haadbestjoer it inisjatyf nommen om mei Hinke in nije redaksje te foarmjen en de Treffer yn in nij jaske te stekken. Ik haw der earst in oantal moannen mei omrûn en haw yn maart besletten om dizze funksje op te jaan. Ik fûn dat ik dat dwaan moest omdat de slyt der in bytsje yn kaam en ik der net in goed gefoel by haw as myn bydrage te lyts wurdt. Dan wurdt it tiid foar oaren.

*Meinte, tige tank foar alles. Wy binne bang dat wy dy gau wer ris noadich binne. De Treffer-redaksje.*

# De Freonen fan SDS

Op ynternet hawwe wy wer in edysje hân fan “De Freonen fan SDS”. Nei de rubryk fan Raoul Heertje yn it prgramma “De Vrienden van Van Swieten”. Yn ‘e Treffer fan jannewaris koenen jimme it earste diel al lêze. No diel 2.

-Spiler fan SDS A1 dy 't Pinkstermoandei oer de kop gie mei de fyts en in stik fan 't gebit mist.
* Hy mist de Helte de Boer
-De ienige Drent by SDS.
* Jan van Gasselte
-Handige fuotballer dy 't graach in shaggie mei.
* Rokert Sybesma
-Âld-grinsrjochter fan SDS 2 dy 't mar min tsjin syn ferlies kin.
* Appie Pesthumeurus
-Spiler fan SDS 1 en winner fan Idols
* Boris Hiemstra
-Mem fan inkelde spilers fan SDS mei in nuver mutske op 'e kop.
* Klotske Hiemstra
-Barkeeper yn 'e Jimbar en spiler fan SDS 3 die 't je altiten om in fuorke freegje kinne
* Geef me J' an Steker 'es
-Freondinne fan roker fan SDS 1 en hâldt fan nuvere spultsjes.
* Swiepkje Hiemstra
-Fuotballer fan SDS 1 dy 't wol gauris nei it húske moat.
* Dirk Yde Sjaardarmpatiënt
-Spiler fan SDS 1 dy 't nochal meilibbet mei eltsenien.
* Tsjipke emotioneel Betrokkema
-Ferfelende Brazilaanse Dútse yn 'e Trefferredaksje.
* Paolo Rinke Kuiper
-Bikkelhurde back en grienteman by de Jumbo.
* Gerrit Terpsla
-Âld-lieder fan SDS 2 begjint no in eigen iten-sierprogramma.
* Durk Kokkema
-Spiler fan it tredde dy 't wol fan in stikje tsiis hâldt.
* Sjoerd van Beemsterkaas
-Keeper dy't SDS ferlit.
* Broer de Ringhvaartweg
-Frou fan de topscoorder fan SDS.
* Pept eddy de Boerop
-Keeper fan it 5e dy 't alles wit fan ciiferkes.
* Jaap Boekhâlder
-Ienige joodse spiler bij SDS.
* Réne gjin Voorvelzen.
-Hy is lyts, hat in ferskriklike puntmûtse op en dûnset al sa nuver.
*Kabouter Plopko Wijnia
-SDS 'er út Hinnaerd dy 't syn ploech yn it FEC de finale ferliezen seach.

*Pieter Comme Ci Camstra

-Lieder fan SDS D1 dy 't faak by de tank stiet.
*Klaas by de benzinepompstra
-In knoeier yn 'e efterhoede fan SDS 2.
* Auke Griemstra
-Spiler fan SDS 5 dy 't min oer it waarme waar kin.
*Raant Hofstra
-Jierren trainer by SDS west, mar giet no fansels nei Stiens.
* Ce es L. Jansen
Hawwe jimme ek noch in aardige, mail dy dan efkes nei info@vv-sds.nl of jou se troch oan ‘e redaksje.

---

## Kampioensfoto SDS 1 bestelle

De kampioensfoto fan SDS 1 kin bestelt wurde. De foto is 20 by 30. De foto kostet 4 euro. Hjirûnder kinne jimme him besjen. As jimme de foto hawwe wolle, mail dan efkes nei info@vv-sds.nl of nim kontakt op mei Rienk Wiersma (sjoch foar it adres foar yn ‘e Treffer).




Liket my de muoite wurdich om oan ‘e muorre te hingjen. Je witte noait as it de lêste kear wie.

# Wedstrijdverslag SDS B1

**SDS B1 eindigt als 3de**

Na het verlies tegen Bolswardia was het kampioenschap niet meer mogelijk. Nu was de doelstelling nog zo hoog mogelijk eindigen. Voor de laatste thuiswedstrijd moesten we aantreden tegen Robur. We wouden er nog wat mooi's van maken door een goede wedstrijd te spelen. Na 1 minuut kwamen we al voor en dat was een voorbode voor nog meer goals, uiteindelijk werd de eindstand 8-1 in het voordeel van SDS.

Voor de laatste wedstrijd van het seizoen moesten we uit naar Zeerobben. Deze ploeg deed het in het laatst van de competitie goed en wij verwachten dan ook een leuke wedstrijd. Dit bleek echter niet zo te zijn, want wij waren veel sterker. We kwamen dan ook al snel voor. We hadden heel veel kansen om de score uit te breiden naar een hele dikke uitslag, maar de teller bleef steken op 7. De uiteindelijke uitslag was dan ook 7-0. Grote man was Jelmer met 4 goals.

Zo hebben we een mooi seizoen goed afgesloten op een derde plaats, 6 punten achter kampioen RES.

Als afsluiting van het seizoen hadden we een barbecue met de hele ploeg ( Freddy was afwezig omdat hij moest werken ) bij Douwe de Boer thuis. Op deze avond werden de trainers en leiders bedankt voor hun inzet dit jaar. Ook leider Tjeerd hield nog een praatje en bedankte de spelers ook. Als afsluiter zei Tjeerd, volgend jaar gaan we voor het kampioenschap!

# Wedstriidferslagen SDS D1

**01-05-2004 Oudehaske D1 – SDS D1**

Hjoed op nei Oudehaske foar de kampioenswedstriid. We ha noch twa punten noadich. Tsjin konkurrint Oudehaske moast dat barre. Fan beide kanten wie de wedstriid net goed. De jonges liken allegear lêst fan de waarmte te ha. Dochs komme wy foar mei 2-0 troch doelpunten fan Doede en Andries. Yn de rêst de mannen noch efkes op skerp setten (tochten wy). Der wienen ek al guon dy seinen dat hja de patat al rûke koenen. Dit bruts de mannen raar op. Fuort nei rêst waard it 2-1. Oudehaske starte better oan de twadde helte. Fysyk somtiden (te) hurd spyljend wêrtroch SDS de kop net by it spul hâld. Posysjes waarden net hâlden, it spul giet der út en we reagearden allegear yrritearre op alles wat mis gie. It waard sels 2-2, mar dermei wie der noch neat oan de han. In puntsje wie ek al goed. Yn de lêste minút krigen we dochs noch in goal om de earen en hoe wy ek noch oansetten yn it lêst, we ferlearen mei 3-2. Dan mar probearje tsjin Olyphia.

**11-05-2004 Olyphia D1 – SDS D1**

Op in moaie tiisdeitejûn nei Noordwolde. In eintsje (om)riden om der te kommen. De fjilden leinen der prachtich by en we hienen wat ekstra supporters mei. De earste helte begûn ek wer net al te goed. We misten wol 10 goede kânsen mar dochs gienen der ek noch twa yn troch Doede en Jacob. Yn de rêst nochris efkes melden by de mannen dat de twadde helte op skerp moast. Net prate tsjin de swak liedende skieds mar konsintreare op it spul. Yn de earste minút helpt Ludze Olyphia oan in goal troch foar Thor op te springen en de bal mei de holle yn ús eigen goal te skampen. Miskien wie dit wol goed. Nei dizze

